

nijsbledsje 2016-2017 jiergong 7 NR 4

Efkes werom sjen:

Nijs út it tiim:

Juf Grietje hie foarrige wike in grutte ferrassing foar ús. Aldert en juf Grietje ferwachtsje ein maaie/begjin juny 2017 in lytse poppe. Fan herte lokwinske!



Juf Nel is begûn mei de revalidaasje. Sa no en dan is se der ek op in moarntiid net om't hja ôfspraken hat mei Arbo dokters as oare begelieders fan it revalidaasjeproces. Wy besykje safolle mooglik bekinde ynfal te regeljen. Op moandei 19 desimber komt juf Reina yn juf Nel har groep. Op 22 jannewaris is it ferlof fan juf Nynke om. Op woansdei 25 jannewaris begjint juf Nynke wer mei har wurk yn groep 6-7-8. Dizze groep nimt dan ôfskie fan juf Reina.

Sinteklaasfeest

Wat is it foar bern dochs altyd wer moai mar ek spannend dy Sinteklazetiid. Alders sille it fêst mei ús iens wêze dat de bern yn dizze perioade wat rûziger binne as sljochtwei hinne. Op moandei 5 desimber wie ús skoalle hielendal klear foar de komst fan Sint mei syn Piten.

Doe't Sinteklaas fanôf it Mindertsfean nei skoalle kaam, wie hy ferbaasd dat syn Piten noch net op skoalle wiene.

Troch fersin wiene de Piten doe't se de pakjes

sneintejûns brocht hiene, opsletten yn it i.b.-keamerke. Lokkich hearden we harren roppen en

bonken op de doar. De doar fan't slot en ja hjer, doe koe der feestfiert wurde. Pjuten en beukers

hawwe mei Sint en Piten oan it boartsjen west. Alders wiene útnoege om in part fan de fiering by te wenjen. Dat wie in noflik barren mei Sinteklaas en syn Piten yn it middelpunt.



De bern fan midden-en boppebou hawwe Sinteklaas o sa holpen mei it keapjen fan kadootsjes, it meitsjen fan surprises en gedichten. Geweldich sa moai en feestlik as dat der út seach! De bern waarden allegearre troch de âlderrie traktearre op hearlike "fruitspiesjes". Wat binne we wiis mei alle belutsen âlders dy't har sa ynsette, op hokker wize dan ek, foar de bern en ús skoalle. Op <http://frankeskoalle.nl/fotoboek/20820/> kinne jimme alle foto's besjen.

Grutte minsken meitsje harren soms drok oer it úterlik fan in Pyt. Lokkich hawwe bern dêr net folle lêst fan. Yn harren fantasy libje Sint en Pyt (hoe't se der ek útsjogge). Dieuwertje Blok ferwurde it moai yn DWDD mei in gedicht fan al mear as 60 jier âld:



Foarút sjen:

De kommende trije wiken steane yn it teken fan de Krystfiering. Sa't ik al skreaun haw, is der dit jier keazen foar in Krystmerke wêrby't spullen en iten ferkocht wurde sil foar in goed doel. It doel is jild yn te sammeljen foar de Imena Foundation:

<http://www.imenafoundation.nl>



Imena Foundation zet zich in voor onderwijs, schoon drinkwater en medische voorzieningen in Afrika. Imena Foundation probeert hiermee een steentje bij te dragen aan het verwezenlijken van de zogeheten Duurzame Ontwikkelingsdoelen.

De Afrikaanse meisjesnaam Imena betekent 'droom'. In grote delen van Afrika dromen veel mensen van een betere toekomst. Een toekomst waarin schoon drinkwater voor iedereen beschikbaar is, net als medische zorg. Een toekomst ook, waarin kinderen eenvoudig toegang hebben tot onderwijs, nóg zo'n belangrijke voorwaarde om tot betere leefomstandigheden te komen.

Sinds 2013 bieden wij ook noodhulp (voedsel en medicijnen) en helpen wij bij de opbouw van kerkelijke gemeenschappen in Afrika.



De bern meitsje yn de groepen guod dat ferkocht wurde kin. **Tongersdei 22 desimber fan 12.30 - 14.00 oere** sille bern kryststikjes meitsje. Dêrby kinne we yn eltse groep wol twa pear ekstra hannen brûke. We dogge graach in berop op âlders dy't net yn de âlderrie sitte om't de âlderrie dy deis al hiel drok is mei it klearmeitsjen fan de merke. Wolle jimme helpe dan graach opjaan by de groepslearkrêft as fia de mail fan skoalle. Grien foar de kryststikjes, potsjes, skalen ensafierder kinne jimme yn dy lêste skoallewike meijaan oan de bern.

De Krystmerke is in gesellich barren dêr't eltsenien wolkom is. Dus noegje pakes en beppes, freonen en buorlju út om efkes nei de merke te kommen.

Op **freed 23 desimber** hawwe wy dan in "Krystbrunch" mei de bern. De âlderrie hat mei it tiim besletten dat it **net nedich** is dat âlders wat klear meitsjen foar de brunch. De âlderrie soarget foar de ynkeapen en foar it klearmeitsjen. **Sa as ik earder oanjûn hie dat jimme yntekenje koene op in list is dus no net nedich!**

It is de bedoeling dat de bern "op sjiek" nei skoalle komme. Hoe't dat der út sjocht litte we oan elts syn eigen fantasy oer.

Alle bern komme dy deis om 12.30 oere út!

Op **earste Krystdei 25 desimber om 9.30 oere** is der wer in Krystfiering yn it tsjerke. Ek dêrfoar wurde de bern fan skoalle útnoegje. It is wol de bedoeling dat de âlders de bern efkes oanmelde by juf Tryntsje.

Dizze útnoeging is ek taheakke oan de mail en stiet ek op it webskerm fan skoalle.

Fan 24 desimber oantemei 8 jannewaris is it fakânsje. Op moandei 9 jannewaris is de earste skoaldei fan 2017. **Yn wike 3 + 4 (16 o/m 27 jannewaris) meitsje de bern de healjierlikse CITO toetsen.** Fanôf groep 6 wurde de skoares fan dizze toetsen yn de "plaatsingswijzer" setten. Foar de kar fan de stream foar fuortset ûnderwiis sjogge we ûnder oaren nei de Cito skoares fanôf groep 6. Wisten jimme dat bern better prestearre as se goed útrêst en mei foldwaande moarns iten oan de skoaldei begjinne?

Op moandei 16 jannewaris is it dan wer lúzeplúzjen. Soene jimme de bern gjin frissels en gel yn it hier dwaan wolle?

In hertlike groetnis,

Anke Haanstra
Master Frankeskoalle
Eilânsgrien 9264 TB Earnewâld
0511 539509
info@frankeskoalle.nl